

- 1 Wat is it probleem fan Houck?
- 2 Wêr is dat probleem troch ûntstien?
- 3 Wat is neffens Eric Hoekstra in sterk punt fan dizze Midfryske twaspraak?
- 4a Mei watfoar ritueel wurdt de brulloft besletten?
 - b Watfoar ferklearring stekt der neffens Eric Hoekstra mooglik achter dat ritueel?
- 5a Hoe reagearret de breid as de brêgeman by har it bêd yndûkt?
 - b Wêrom reagearret se sa?
 - c Wa prate de minsken dy seksuele eangst oan?
 - d Watfoar kommentaar wurdt dêrop jûn?

4.2.3

Ljeafke lit uwz

■ GYSBERT JAPICX (1603-1666)

Yn de midsieuwen stie God sintraal yn it tinken fan de minsken (**teosintryske ynstelling**) en wiene de lju rjochte op it libben nei de dea (**memento mori**: ‘gedenk te sterven’, betink datst stjerre silst). Mei de **renêssânse** (renaissance: ‘wedergeboorte’, werberte) stekt in nije wyn op út it suden (Itaalje) wei: de minske komt yn it sintrum fan de belangstelling te stean (**antroposintryske ynstelling**) en it libben hjir op ierde (**carpe diem**: pluk de dei, genietsje fan it libben).

Yn ûndersteande twa kûpletten út in gedicht fan Gysbert Japicx is dy ‘nije wyn’ dúdlik te fernimmen:

	oersetting: Eric Hoekstra	oersetting: Douwe Tamminga
Ljeafke lit uwz sobbje' in sabbje 't Wijl't uwz muwket, ljoent, in lest, Dat iz immers fier'wey best. Litse gnorje' in uwz belabbje, Waems fjoer is oon yessche terd. Alle dwaen het tijd in berd.	Ljeafke, lit ús sobje en sabje wylst it ús mûlket, lumet en lêst, dat is ommers fierwei bêst. Lit se gnoarje en ús belabje, waans fjoer waard ta jiske en tar. Alle dwaan hat tiid en bar.	Liefje, laat ons minnekozen, Daar't ons dient tot lust en spel. Zint dit niet de jeugd zeer wel? Treff ons ook geknor van bozen, Wier vuur is vergaan tot as, Alle doen heeft zo zijn pas.
Sinne in Moanne, rijzje' in duwckje, Simmer, Winter, Foar-jier, Hearst, Eynje', in libbje' alweer az eerst. Tuwttelke', az w' uwz tijd naet bruwckje, Nu-se' uwz tjienet, jæ rint t' eyn, Mar wa till't weer holle' oereyn.	Sinne en moanne rize en dûke, simmer, winter, foarjier, hjerst einje en libje alwer as earst. Tutelke, as we ús tiid net brûke, no't se ús tsjinnet, rint se te ein: en wa tilt wer de holle oerein?	Zon en maan, zij rijzen, zij duiken. Geen seizoen of het herleeft. Wat, als 't leven óns begeeft? Lief, als w' onze tijd gebruiken Nu z' ons dient, is dat geen deugd? Wie van ons hernieuwt zijn jeugd?

Ferlykje dit gedicht ris mei ûndersteand fers fan *Jonker Jan van der Noot* (1539-1595):

“Schoon lief, laat ons,” sprak ik, “gaan zien die roze die deze dag zo schone stond ontloken.”
Daar komende stonden wij een goei poze,
zoekende waar zij nu mocht zijn gedoken.

Wij en vonden geen roze, maar allene
zagen wij *heur bladerkens al ontdaan daar*¹
ende berooft van heur schoon *verwe rene*²,
die wij 's morgens zeer schone *zagen staan klaar*³.



“Ai lief,” sprak ik, “is dit niet *grote schade*⁴,
dat dees schone bloeme aldus is *afgerezen*⁵,
eer iemands geschied zij de genade,
*te gebruiken heuren reuk, weerd geprezen*⁶.”

“Och ja,” sprak zij, “want het was een schoon bloeme.”
“Hierom, schoon lief, doet toch dat ik u rade,
en laat mij toe, dat ik met recht u noeme
bermhertig, lief, *in ere*⁷, *vroeg en spade*⁸.”

’t Is nu de tijd, wilt die toch nemen ware
(Gij komt nu recht in ’t beste van u leven),
opdat met u ook niet alzo en vare,
als ’t heeft gedaan met dees bloeme voorschreven.”

¹ dat zij al haar blaadjes had laten vallen ² heldere kleur ³ in bloei hadden zien staan ⁴ erg jammer ⁵ van haar blaadjes is beroofd ⁶ van haar prijzenswaardige geur te genieten ⁷ eerbaar ⁸ voor altijd

- 1 Meitsje dúdlik dat yn beide gedichten sprake is fan ‘carpe diem’ èn ‘memento mori’.
- 2 Wat is de haadgedachte fan beide gedichten: ‘carpe diem’ of ‘memento mori’? Motivearje dyn antwurd.

4.2.4

Fersen fan Eeltsje Halbertsma

De Boalserter Merke

De *Boalserter merke* jout in libben en realistysk byld fan in ‘jûntsje stappe’ (sjonger-trúbadoer Jaap Louwes neamt it om dy reden ‘rock and roll’): de senuweftige flirterij fan de jongelju dy’t elkoar hyltyd wer opsykje en ûntflechtsje (strofe 2), it flanearyn fan de fammen (strofe 3), de pleagerij fan Wobbel har freondinnen (strofe 5).

1

Te Boalsert yn ’e merke	
Seach ik in famke gean.	
Ik tochte, bern! wat bisto <i>tûk</i> ;	<i>handich</i>
Sa jong en <i>prûs</i> , sa nuver <i>smûk</i> ;	<i>kreas, bûtengewoan aardich</i>
Ja, nuver <i>smûk</i> ; (<i>bis</i>)	
Sa <i>tsjep</i> yn sneinske klean.	<i>kreas</i>

2

Ik kaam har wer temjitte	
En seach har <i>bjuster</i> oan.	<i>wakker</i>
Ik seach har oan, ik seach har nei;	
Mar seach hja my, dan rûn ik wei;	
Ja, rûn ik wei (<i>bis</i>)	
En like hast bestoarn.	